

Frisum Trilogy

Kolofon

ISBN: 978 90 8954 873 3

1e printing 2016

© 2016, Hilda Talsma

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Til: 058 - 289 48 57

www.elikser.nl

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Foto Hilda Talsma: Jolanda Zwaagstra

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatysarre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Frisum

Trilogy

Hilda Talsma



Ynhâld

Diel 1: De twadde hûd	7
Diel 2: Flammen	139
Diel 3: It geloksbern	283

Diel 1

De twadde hûd

1

'Sjoerd wêr bist?' It is safier ... Sjoerd!' Stapke foar stapke rint Elske nei ûnderen. Se hâldt de trepsleuning stief beet mei twa hannen. 'Sjoerd,' krimmenearret se. 'Kom no, ik ha in fleach!' Se lit har sakje op de tredde tree fan boppen. De trep liket wol in kilometer lang. Wêr kin dy kloat no dochs wêze? Se puft in pear kear en dan ferdwynt de lichte golf fan gearlûking yn har bûk wer.

Se lûkt harsels oerein. 'Ferrek!' No hat se alles fannewike sa goed skjinmakke en no hinget der al wer in grut spinreach.

Se docht it T-shirt út. Dêrmei besiket se it spinreach, dat boppe it rûtsje oan it plafond hinget, fuort te slaan. Se slingeret it T-shirt troch de loft, mar se kin der krekt net by. Dan moat se aanst mar efkes weromkomme mei de reagebol. Se lûkt it T-shirt wer oan en sil fierder by de trep del. Dan fielt se dat se earne op stean giet. It binne Sjoerd syn sportskuon, dy soe er oprûmje.

'Au! Shit!' Se ferswikt it ankel, mar de linkerhân is noch net goed troch de mouwe hinne, dat se kin sa gau net de leuning beetpakke. Se sacket troch de knibbels en har rjochterfoet sjit fan 'e tree. Se tûmelet foaroe by de trep del. De iene hân sit noch fêst yn it T-shirt. Mei de oare besiket se de bûk te beskermjen. Mei in hurde klap falt se op 'e houten fier del. Se komt sa raar op it ankel telâne, de triennen springe har yn de eagen. 'SJOERD! HELP! Ik bin fallen!' Se triuwt de dikke bûk hinne en wer en drukt derop. 'Jou my in teken fan libben, alsjebleaf,' snokkeret se. As se de poppe skoppen fielt, suchtet se djip fan ferromming. 'SJOERD! Ferdomme, help my dochs!' Se besiket oerein te kommen mar it wurdt har swart foar de eagen. Dochts kin se hjir net lizzen bliuwe, se moat nei de keamer, nei de tillefoan. Op hannen en fuotten krûpt se troch de gong mei it seare ankel omheech. Lokkich stiet de doar nei de keamer op in kier, se kin him sa iepentriuwe.

De tillefoan leit net yn 'e keamer. Flokkend krûpt se nei de keukensdoar. As se der hast is fielt se wer in fleach opkommen en har ûnderbroek wurdt waarm en fochtich. 'SJOERD!!!' Se lit har op 'e side falle en puft oant de fleach ferdwynt. Se hat der neat fan fernommen. De alles ferskuorrende pine yn it ankel oerwâldet al it oare gefoel yn it liif. Se besiket oerein te kommen om de kruk beet te pakken. Op itselde momint swaait de doar iepen.

Se falt efteroe en it ankel klapt wer dûbel. Se raast it út fan 'e pine.

'Elske!' Sjoerd giet yn 'e hoksen by har sitten. 'Leave, wat skeelt deroan?' Bist sa bleek as in doek!' Hy sil har oerein lûke.

'AU! Tink om it ankel,' gûlt se. 'De fluezen binne brutsen, ik ha fleagen, it is safier! En ik bin fan 'e trep fallen. Wêr wiest dochs? Ik ha dy sa faak roppen.'

'Yn 'e tún. Ik ha neat heard. Echt wier net! Kom mar leave, ik sil dy oerein helpe. O heden!' ropt er ferskrikt. 'Bist net op 'e búk fallen wol?'

'It gong allegear sa hurd, mar ik hie in earm om 'e búk. En ik ha de poppe wol field doe't ik op 'e grûn lei.'

Sjoerd lit him wer op 'e knibbels falle en leit in hân op de hurde, rûne búk. 'Ik fiel ek wat bewegen ... tink ik.' Hy springt oerein. 'Kom, ik bring dy nei de keuken. Hoe koest no fan 'e trep falle?'

'Ik ha my de bonken brutsen oer dyn sportskuon dy't altyd op 'e trep stean! Alles docht my sear. We moatte nei it sikehûs! Ik kin net thús befalla want dy foet moat yn 't gips! En ik kin al hielendal net yn 'e keuken komme.'

'Lit my ris sjen. Miskien falt it wol ta.' Sjoerd búcht oer har hinne. 'Hy is wol tsjok, fielst dit ek?' Hy besiket it ankel hinne en wer te bewegen.

'AAUUU!! Donderje op fint! Ik sis dochs dat er brutsen is.'

'Sorry. No kom, ik lûk dy oerein. Steun mar op my. Dan krijst earst in paracetamol en dêrnei ride we nei it sikehûs.' Hy giet efter har stean en tilt har oerein.

'O bah!' Elske lûkt in fiis gesicht.

'Wat no?'

'It fruchtewetter rint my by de fuotten del. Alles is wiet! O Sjoerd, myn búk docht sear! Ik leau dat 'k wer in fleach krij!' Se puft en leunt op har man. Lokkich is er sterk. It wurdt har wer swart foar de eagen. Se knypt de eagen ticht en fielt hoe't er har foarsichtich optilt. Hy bringt har nei de keuken en set har op in stoel. 'Noch efkes folhâlde, pop!'

Hy smyt de steapel mei âlde kranten en blêden dy't op de tafel lizze op in oare stoel. Dêr leit er foarsichtich de seare foet op. 'Sa. Efkes mei de foet omheech. Dat is better ... Ferkuolje, dat moat ek!' Hy draaft nei de bykeuken en komt werom mei in pûde beferzen patat. Dy leit er op it dikke ankel. 'Ik droegje dy no earst ôf en dan ride we nei it sikehûs, okee?' Hy skuort it oanrjochtskastke iepen en pakt alle handoeken en teedoeken dy't der lizze.

Se skoot de rok in eintsje omheech en docht de fuotten út elkoar. 'Sjit no mar op, it dript op 'e flier.'

Sjoerd draait him om mei de steapel handoeken. Hy lit him op 'e knibbels falle en tilt de rok omheech. 'O Elske! It is read. Dat heart dochs net sa?' Hy faget har de billen ôf en lit har de reade plakken yn de handoek sjen. Hy triuwt har in skjinne, wite handoek tusken de fuotten.

'Dit is net goed! SJOERD! It heart helder te wêzen! We moatte no nei it sikehûs!'

'Ik belje 112!' Sjoerd sjocht om him hinne. 'Wêr is dy ferrekte tillefoan!'

'Hoe moat ik dat witte! Sjit op man.'

'Wêr is dat rotding! Hy leit altyd op 'e tafel of op it oanrjocht.' Sjoerd draaft as in hin sûnder kop troch de keuken. 'Dêr!' Hy dûkt op 'e flier om de tillefoan ûnder de tafel wei te pakken en bellet 112.

'Myn frou hat fleagen en se is fan 'e trep fallen. Se ferliest allegear bloed! Ja, se hat in normale dracht hân. Ja, ja ... ja ... nee ... sjit no mar op! Hege Dyk 5 yn Frisum.'
Dikke drppen rinne him oer de foarholle en syn T-shirt is dweiltrochwiet fan 't swit.
'Hoe giet it, leave?'

'Ik bin sa bang Sjoerd.'

Hy krûpt har oan. 'Ik wit it, leave, ik ek. En it ankel?'

'Dat kin my neat skele! Al moatte se dy foet amputearje! As it mar goed is mei de poppe!' Unrêstich skoot se in bytsje hinne en wer. 'Wat duorret it lang, Sjoerd! De búk begjint my no sa sear te dwaan!'

'Lokkich is Lys by ús mem. Ik tink dat se dêr fannacht ek mar sliepe moat. Ik sil ús mem aanst belje, okee?' Sjoerd droeget har de triennen ôf mei in teedoek en aait har oer it hier.

Elske knikt.

Hy skoot har rok omheech. De handoek is donkerread. Der sit net in wite tried mear oan. Hy moffelet de mei bloed trochdrinzge handoek ûnder de stoel en leit der in skjinne del. 'Harkje! De sirene!'

Sjoerd spat oerein en draaft nei bûten. De sike-auto draait efterút de opreed op. Twa mannen ride in brankaar de keuken yn.

'Tink om it ankel, dat is brutsen!' Sjoerd hipt senuweftich om 'e manlju hinne.

Se lizze har foarsichtich op de brankaar en skowe har yn de sike-auto. Sjoerd giet neist har sitten en mei razende sirene ride se fuort.

2

In sinnestriel skynt troch it lytse dakrútsje yn 'e lege reiden widze. 'Och leave, hast sa'n honger?' Elske sit op in krukje en jout de poppe it fleske. Dêrnei leit se de poppe oer it skouder en kloppet har sûntsjes op 'e rêch. 'Moai sa, wat in dikke boer. Dan moatst no dochs efkes sliepe, hear. Kom, mem leit dy yn 'e widze.' It wite lekkentsje teart se netsjes oer it rôs tekkentsje. Se lûkt oan it toutsje fan it muzyk-knyntsje en jout de poppe in tútsje op it wang. Dan giet se yn 'e hoksen sitten en teart se de kleantsjes en lekkentsjes, dy't se wosken hat, kreas op en leit se ûnder de widze. Ut in plestik pûde fan Prenatal hellet se in leaflik rôs jurkje mei in wyt broekje en in wyt romperke mei koarte moukes dêr't Winnie de Poeh op stiet. Se aait oer de sêfte stof en hinget it setsje op in rôs satinen kleanhingerke boppe de widze.

'Mem, mèèm!' Lys stiet op 'e oerloop by de souderstrep. 'Wat docht mem dêr no de hiele tiid? Juster hat mem ek al sa lang op 'e souder sitten.'

'Neat bysûnders. Ik rûmjje gewoan de boel op!' Elske skoot gau it rek mei de winterjassen foar de widze.

'Poeh, wat is it hjir benaud.' Lys krûpt oer de flier fan 'e souder en knypt de eagen heal ticht.

'Dat mem hjir wat sjen kin.'

'Genôch, hear. Ik ha de boel al aardich oan kant.' Elske triuwt har dochter nei efteren. 'Ik bin klear, giest mei om in bakje tee?'

'Ja. Hee, dêr hinget myn fleecjaske. Dêr sykje ik al sa lang om!' Lys triuwt har mem oan 'e kant en krûpt nei it rek.

'Lit mar, ik pak it wol.' Elske lûkt Lys oan 'e broek werom. Se tûmelet mei rek en al efteroer. Se lizze ûnder in steapel jassen mei it rek der boppe-op.

'O mem!' Boas goait Lys it rek en de jassen oan 'e kant en se krûpt oerein. 'Hee, dat is dochs de widze dêr't ik yn lein ha? Wêrom stiet er hjir sa kreas. Oars stie er altyd yn in hoeke mei in kleed deroer.' Lys krûpt derhinne. 'O! Myn âlde poppe leit deryn. Wat leaf! En it fleske leit derby en myn muzykknynsje! Ik tocht dat mem dat fuortgoaid hie!'

'Eh ja ... eh nee ... dat soe ik dwaan, mar ik bin it ferjitten. It siet yn 'e pûde by de lekkentsjes.' Elske sit op 'e knibbels neist har dochter.

'Wêrom stiet dit hjir sa? It liket wol in babykeammerke.'

'Ach ja.' Elske lûkt nonsjalant oan 'e skouders. 'Ik wie oan it oprûmjjen en doe kaam ik it allegear tsjin. Ik wit it eins net, ik fûn it wol leuk. Krekt as wie ik wer in lyts famke dat mei har poppe boartet. Ik rûmje it wol wer op.'

'Hmm. Wol in bytsje frjemd, fynt mem ek net? En dy kleantsjes dan?' Lys wiist nei it rôs jurkje. 'Wie dat net in pakje foar ... no ja dy poppe ... Dat wit ik noch wol, mem hie it krigen fan beppe.'

'Ja!' byt Elske har ta. 'Foar Froukje. En ik ha se bewarre foar dy, ast letter sels bern krijst. No kom, dan rêde we de boel op.' Elske set it rek oerein. As alles wer oan kant is, rint se foar Lys út by de trep del. As Lys ek ûnder is, skoot se de ljedder yn en goait se it lûk ticht. 'Sa, no is it tiid foar in bakje tee.'

'Ja, mei in stik keek fan heit.' Lys draaft nei de keuken.

'Wit heit wol wat mem op 'e souder dien hat?' Lys giet by de rûne keukenstafel sitten.

'Oprêde.' Sjoerd jit in kopke tee foar har yn.

'Hmhm.' Lys skodhollet.

Elske stiet yn 'e keamer om it hoekje fan 'e doar te lústerjen.

'Wat dan?' freget Sjoerd.

'Mem hat in babykeammerke makke mei myn âlde widze. Tsss.' Lys skodhollet ôfkarrend.

'Se hat wat?!' Sjoerd spat oerein.

Elske draaft by de trep op. Se springt in eintsje omheech om it trepslûk nei ûnderen te heljen. Se draaft by de souderstrep op en hellet de poppe út 'e widze.

Se triuwt de kleantsjes en lekkentsjes yn in tas. Dêrnei helle se it himeltsje fan de widze ôf.

'Elske! Sjoerd skoot it rek mei jassen oan 'e kant. 'Minsken noch oan ta! Wat is 't hjir hyt.'

It âlde kleed kin se noch krekt oer de widze goaie.

Hy krûpt nei har ta en pakt har by it kin beet. 'Ik tocht dat wy dit ôfsluten hiene!'

'Man, stel dy net sa oan, it wie mar boartsjen.' Se slacht de hân fuort.

'Elske! Sjoch my oan! Is der eat dat ik witte moat? Dit is net samar wat boartsjen, dat witst sels ek wol!'

Se triuwt him oan 'e kant om by de trep del te rinnen, mar se is sa hastich, se falt de lêste meter nei ûnderen. 'Au! Fergemy!'

'Hast dy sear dien?' Sjoerd hinget mei in dikke reade holle boppe it trepsgat.

'Bemuoi dy mei dyn eigen saken en lit my gewurde.' Gûlend strompelet se nei har sliepkeamer. Se lit har op it bêd falle. Se heart dat Sjoerd de souderstrep ynskoot en it lûk tichtgoait. Hy kloppet op 'e doar. 'Elske?'

'Gean fuort!'

De doar giet net iepen. Se heart in djippe sucht. 'Wêrom bist no sa liik op my? Ik kin der likemin wat oan dwaan as do.'

Se heart dat er nei ûnderen giet. Foarsichtich komt se oerein. Se draait de seare foet in pear kear yn 'e rûnte en besiket in eintsje te rinnen. It bliuwt in swak plak mar lokkich falt it ta. Se krukt nei de spegel. In suterich frommeske mei fet hier dat har slûk om it gesicht hinget, sjocht har drôvich oan. Se bûcht har foaroer, sadat se each yn each stiet mei harsels. Se wol sizze dat der gjin reden is om sa drôvich te sjen. Se hat ommers in moai libben! In prachtige, sûne dochter. In lyts, mar gesellich húske. Leuk wurk, fijne kollega's en in bêste man ... dochts? Se draait har om en pakt in kessen fan it bêd. Dat stoppet se ûnder it T-shirt. Tefreden aait se oer de dikke bûk. It byld yn 'e spegel feroaret op slach. De drôvige eagen strielje en it ûntfredene gefoel ferdwynt. Se docht de eagen ticht.

Se tinkt oan it momint dat de poppe by har op 'e bûk lein wurdt. Yn har tinzen telt se de fingerkes en de teantsjes. Se rûkt oan de sachte wite hierkes. Der is neat hearliker as de rook fan in krekt berne poppe. Se jout it lytse famke allegear tútsjes en leit it oan it boarst. Se aait har oer it wankje. Se kin it har noch helder foar de geast helje hoe't it ek al wer fielde as de molke taskeat doe't se Lys it boarst joech. Hoe't har teannen opkrollen fan it nuvere gefoel. Mar se wit ek noch goed hoe'n pine oft se hân hat doe't se Froukje net oan it boarst lizze koe. Se hie sa'n opdriu, se hat der siik fan west.

Se helle it kessen ûnder de klean wei en smyt it yn in hoeke fan 'e keamer. Har liif fielt as in lege, kâlde hoale, mar har holle sit fol. Mei Froukje, dy't net bestiet mar wol sa oanwêzich is. Se hat wol earder fan dy mominten hân mar nea sa sterk as

de lêste tiid. De klok tikket net ivich, dêr is se har hieltyd mear fan bewust. Hoe stadiger de wizers gean, hoe grutter har ferlangen wurdt. En se is al 40.

Miskien moat se wol bidde ta God. Miskien kin Hy har helpe. Se praat nea mei Him. Har freondinne Wytske wol. Sy seit dat der sa no en dan wûnders barre omdat se mei Him praat. Mar sy sit ek al har hiele libben alle sneinen foaroan yn tsjerke. Sels hat se noch nea yn tsjerke west. Dochs teart se de hannen ynelkoar en se docht de eagen ticht.

‘Leave God, ik wol sa ôfgryslke graach noch in berntsje. Lys is mar allinnich en ik fiel dat ik noch in bern krije moat. Mar it kin net mei Sjoerd, hoe moat dat no? Kinne jo my ek net wat fruchtber sied tablage? Want dy timmerman is dochs ek net de echte heit fan Jezus? Ik sil der sa goed op passe en it al myn leafde jaan. Ik wol sels wol alle sneinen nei tsjerke. Asjebleaf, leave God?’

3

‘It duorret noch fjouwer wiken, dat is fierste lang!’ Lys hinget op ‘e reade learen trijesitsbank om, har fuotten lizze op ‘e glêzen salontafel. Se hat in pear âlde, wite, smoarge All Stars oan. Neist har leit in leech pak bokkepoaten en se sjocht ferfeeld nei har mem.

‘Asto de hiele tiid tinkst hoe lang oft it noch duorret, dan lykje fjouwer wiken ek wol in healjier. Wêrom giest net nei bûten, of nei Sara? Gewoan in protte leuke dingen dwaan en foardatst it witst, is it safier.’ Elske goait de fuotten fan ‘e tafel en besiket har dochter oerein te krijen. Mar dat lange liif jout neat mei. ‘Kom op, Lys, skerpje dy op en fyn wat út.’

‘Nee, ik ha gjin sin,’ seurt Lys.

‘Ferdoary, Lys! Begjinst hieltyd mear op dyn heit te lykjen. Noch efkes, dan moatte we der in bank by keapje. Dan passe jimme tegearre net mear op ien.’

Lys komt no dochs oerein en sjocht har mem brutaal oan. Se stekt de tonge nei har út en rint fuort. Elske spat efter har oan. ‘Lys, hjir komme!’

Lys draaft troch de keuken nei de bykeuken. Krekt foardat se de efterdoar iepen docht, kin Elske har by de earm gripe. ‘Skjin myn nocht ha ik fan dy! Asto sa trochgiest dan bliuwst mar thús!’

‘Au! Mem knypt.’ Lys wriuwt har oer de earm. ‘O, dat die sear! Wat is mem op it heden sjegrinich! Ik kin ek neat mear goed dwaan.’

‘Do stekst de tonge nei my út, hast in grutte bek, bist neat fan plan en dat moat ik allegear mar goed fine, seker! Ik ha neat oan dy en ik ha neat oan dyn heit!’

‘No, toedeledokie, soe ‘k sizze.’ Lys slacht de doar ticht en fytst de dyk út. Suchtsjend slofket Elske nei de keamer en se ploft op de waarme bank del. Se kin

it har net foarstelle dat se sels ek sa dwers west hat. Wat se wol begrypt, is dat it lang duorret foar't de merke begjint. Dat fûn se sels ek altyd. En as it dan safier wie, dan wie it samar wer foarby.

Sweve, flirte en feestfiere. Mar it hichtepunt yn it jier is it djiptepunt yn har libben wurden.

De lêste fjirtjin jier, sûnt se Lys hat, hat se der wer wat fan genietsje kinnen. De wille fan sa'n famke makket in protte goed. Se sit wat foar har út te mimerjen. De bylden wurde helderder, gefoelens fûleindiger. Fertrietlik fereale. Noch altyd pynlik.

'Wat no?' Sjoerd slofket de keamer yn.

'Eh ... neat! Ik ha krekt Lys derút stjoerd.' Se komt oerein.

'O.' Hy lit him langút op 'e bank falle. 'Lekker waarm.'

Se sjocht yrritearre nei him. 'Wat hasto dien? Bist wiet fan 't swit en himest as hast in maraton rûn.'

'Ik ha by Ruerd en Wytse op 'e pleats west. Mar dêr moast ik hinne rinne want myn bân is lek.' Hy faget mei de ûnderearm it swit fan 'e foarholle.

'Hmm,' seit se koartôf.

'Wat no "hmm"?'

Se sjocht him lilik oan. 'Dy bân is al wiken lek. Bist gewoan te beroerd om him te plakken. En it is net bêst datsto fan sa'n lyts eintsje rinnen sa wurch bist. Himest as in hûn, man. En dat foar in sportlearaar!' Se skodhollet. 'Mar hjir ha we ... ik it al sa faak oer hân. En ik hie my foarnommen net mear te reagearjen, fandêr dy "hmm". Ik sil yn 'e tún oan 'e gong. It gers moat nedich meand wurde. It ûntúch groeit sa stadichoan heger as de blommen en dy grutte, wite blombak moat noch fold wurde mei lavindel. Kinst my wol helpe.'

'Hâld op, ik bin wurch en ynein. Ik moat earst wat drinken ha.' Hy sjokt nei de keuken. De âlde, ferwosken swarte joggingbroek sakket him hast fan 'e kont ôf. In dikke, wite búk komt ûnder it te koarte T-shirt wei. Hy pakt in flesse kola út 'e koelkast en mei de flesse oan 'e mûle rint er nei it oanrjocht. Dêr smart er in grut stik sûkerbôle mei in dikke laach boerebûter. As it op is, smart er noch in stik.

'Sjoerd van Dijk!' Mei de hannen yn 'e side giet se foar him stean.

'Hiene wy net de ôfspraak makke datst der better om tinke silst watst ytst. Datst wer oan dyn kondysje wurkje soest en 25 kilo ôffalle?'

'Hâld op te seuren en lit my gewurde. Do soest dochs yn 'e tún oan 'e gong?' Sjoerd set de flesse oan 'e mûle en drinkt him leech. Dêrnei lit er in boer.

Elske slacht de efterdoar ticht. Se skopt de lavindelplantsjes oer de kop en de lege waskkoer dy't ûnder de line stiet skopt se in ein de loft yn. Troch it keukensrút sjocht se dat er noch in stik sûkerbôle smart. Se goait de fyts fan Sjoerd op 'e grûn en trêdet de keuken wer yn. 'Do grutte kloat!' Se slacht him de sûkerbôle út 'e hannen wei.

Hy bûcht him foar om it fan 'e grûn te pakken. Hy stiet foar har te steunen en te kreunen mei de broek op 'e slomp. De wite, hierrige, pûsterige kont komt in ein omheech en dan kin se har net mear behearskje. Se jout him in skop. Hy tûmelet om en leit langút op 'e flier te krimmenearjen. 'Myn rêch, myn rêch!' 'Toe juh, suertsje!' Se jout him in hân mar it slagget net om him oerein te krijen. 'Belje dokter, dit wol sa net!' Hy wurdt hieltyd witer om 'e noas. Se lit him foarsichtich los en pakt de tillefoan fan 'e tafel. Dokter docht besites en neffens de assistinte kin er der oer in healoere wêze. Se leit de tillefoan wer op 'e tafel en hellet in tekken. Hy kin net in healoere op de kâlde tegels lizzen bliuwe. Se leit de tekken neist him del en rôlet him dêr foarsichtich op. Se sleept him troch de keamer, nei de gong. Oan Sjoerd te hearren giet se wat te hurd oer de drompel. Mar se moat de gong der wol wat yn hâlde, it is har swier genôch. De houten flier yn 'e gong glidet lokkich ek goed. As se by syn keamer binne, moat er noch ien kear oer in drompel mar dan leit er wol op 'e flierbedekking. Sa leit er har ek net in healoere lang foar de poaten yn 'e keuken. En dy healoere sil wol in oere wurde. It lêste eintsje oer de flierbedekking giet it swierste mar úteinlik leit er teplak. Se hellet in glês wetter en twa paracetamols sadat er dochs wat pynstilling krijt. Hy moat anst wol fan 'e grûn ôf en se kin him net tille. En dat kin se dy âlde dokter ek net oandwaan. Sjoerd nimt de piltsjes en se leit in tekken oer him hinne.

'Wolst de gerdinen noch efkes tichtdwaan, Elseke? It ljocht docht my sa sear oan 'e eagen.'

'Jaa. Jou dy no mar del, dokter komt anst wol.' Se hellet in sûkeladepunt út 'e friezer en giet by de tafel sitten te krantlêzen. Krekt as se oan 'e rouadvertinsjes ta is, heart se de doarbel. Se skrikt der suver fan.

Foar de doar stiet dokter Jelsma mei de âlde swarte dokterstas.

'Goeie, kom deryn. Sjoerd leit op 'e grûn yn syn keamer.' Elseke rint foar dokter út.

'De rêch?' freget dokter oan Sjoerd.

'Ja dokter. Ik bin niis fallen yn 'e keuken, hê Elseke?'

Se fielt dat se in kleur krijt. Se draait har om, om it ljocht oan te dwaan.

'Kinst oereinkomme?' Dokter giet efter Sjoerd stean en pakt him ûnder de earms beet.

'Miskien no wol, ik ha twa paracetamols hân.' Sjoerd giet sitten en mei de help fan Elseke lizze se him op it twapersoansbêd.

'Sa kin ik dy better ûndersykje, kinst dy ek omdraaie?' Dokter rôlet him op 'e búk en befielet de spieren yn 'e rêch. Sjoerd kreunt sa no en dan. Elseke ken dat lûd, yn kombinaasje mei de ûnnoazele kop dy't er dêr by lûkt, net mear útstean.

Ik tink datst mei goede pynstillingen en spierûntspanners in hiel ein komst.' Dokter hellet in briefke út 'e tas. Dêr skriuwt er op hokker medisinen Sjoerd nedich hat en hy jout it oan Elseke. 'As it nei it wykein net better is, dan moastst moandei wer belje. Kinst de medisinen foar fiven noch wol ophelje.' Dokter jout Sjoerd in hân. Elseke rint mei him nei de gong.

'En?' Dokter Jelsma giet foar har stean. 'Wat is der no wier bard? Wêrom krigest sa'n kleur?'

'Eh ... ik eh ... no ja hy stie him wer fol te fretten. Doe ha 'k him in skop ûnder de kont jûn.'

'Dat is net sa moai, famke. Uteinlik hast dysels te pakken en pielst it hiele wykein wer mei him om. Hy is ek te swier foar dy om te fersoargjen en mei om te slepen. Wêrom sikest net ris help?'

'Dat wol er leaver net. En de lêste tiid giet it wol knap.'

'Drinkt er ek noch safolle?'

'Jûns in pear fleskes bier. Oars kin er net sliepe.'

'Miskien hie er ek wolris in skop ûnder de kont nedich. Hy moat it dochs sels dwaan. Mar do moatst ek om dysels tinke. It is no trije jier lyn dat Sjoerd fan it dak ôfrûgele is en de rêch brutsen hat. Do hast him al dy jierren goed fersoarge mar hy hat sels net folle muoite dien om better te wurden. Hy hat syn revalidaasje net ôfmakke, hy is fierste swier wurden, beweecht te min, kin syn wurk net mear dwaan en no dit wer! Hy hat dy der ek mei te pakken.' Dokter docht de jas oan. 'Sliepe jimme al wer byelkoar?'

Se skodhollet.

'Dat kin dochs wol wer?'

Se lûkt oan 'e skouders. 'Ik ha myn eigen keamer boppe. We binne it no sa wend. En hy snoarket sa ôfgrysluk, ik soe dêr net fan sliepe kinne.'

'Miskien moatte jimme ris mei ien prate.'

'Prate?' Se docht de doar iepen.

'Ja, mei in terapeut.' Dokter Jelsma rint nei de auto. 'Tink der mar ris oer nei.'

'Ja dokter, dat sil ik dwaan.' Se slacht de doar ticht.

'Terapeut!' mompelet se yn harsels. 'Hoe betinkt er it!' Se sjocht noch efkes by Sjoerd troch de doar, hy leit al wer te snoarkjen as in grouwe baarch. It is betiden sa slim, dan kin se him yn 'e wenkeamer hearre. Eartiids moast Lys der altyd sa om laitsje. No fynt se it fet yrritant. En dat is it ek.

Mar as sy him net in skop jûn hie, dan lei er no net op bêd. Se hat dochs wol in bytsje spyt en beslút om jûn lekker iten te sieden foar Sjoerd en Lys. Se pakt de autokaaien út 'e jaspûse. Se moat earst boadskipje, want wat Sjoerd lekker fynt hat se net yn 'e hûs en se moat de medisinen helje.

4

As se thúskomt, leit Lys langút op 'e bank nei de tillefyzje te sjen mei in fesse sinas oan 'e mûle. Se sjocht nei *My sweet 16* op MTV. Elske bliuwt efkes yn 'e doar iepening stean. Op 'e tillefyzje is in famke dat mei har heit in auto útsiket. It wurdt in grutte swarte BMW kabriolet. It bern springt har heit hystearysk om 'e nekke, en dan sil se mei har mem te winkeljen om in nije jurk. Se fynt alles stom. De mem sjocht net al te bliid, mar as de dochter dan tefreden is oer in felreade galajurk fan 1500 dollar, dan laket se wer. Op it feest moat fansels ek in artyst komme. En net te ferjitten in stylist foar it hier en de make-up. Oer twa jier wurdt Lys 16. Se hat al oanjûn dat se ek sa'n feest ha wol. Dan mei se wol hast út om in miljonêr, want mei de útkearing fan Sjoerd en har salaris kinne se dat net betelje. 'Hoi Lys!' ropt se lûd.

Lys smoart hast yn 'e sinas. Prústend set se de fesse op 'e tafel del. 'Mem! Lit my dochts net sa skrikke!'

Elske laket. 'Ik sis gewoan dyn namme, hear. Kinst my wol helpe mei itensieden.'

'No? Ik sit krekt!' Se suchtet djip.

'Leit heit noch op bêd?'

'Heit? Ik soe it net witte.'

'No, wolst my helpe yn 'e keuken? Moatst dochts sa stadichoan ek ris leare hoe'tst itensiede moatst?' Elske stekt de hân út. 'Kom.'

Lys skodhollet. 'In oare kear, ik ha gjin sin. Mar ik ha wol honger. Mei ik wat lekkers?'

'Nee! Dan hoechst aanst gjin iten mear.' Teloarsteld rint Elske nei de keuken.

Se set earst de beantsjes op. Sjoerd hat se it leafste fan de grienteboer mar dêr hat se net west. Se hat yn 'e supermerk in pûde beannen kocht dy't al wosken binne. Dy kin se sa yn 'e panne goaie. Se hat ek in pakje krûde krieltsjes kocht. Dy fynt Lys sa lekker. Sjoerd hat leaver bakke ierappels dy't er earst sels siedt, mar dat hie se net oan tiid. Se hat wol de dikke karbonades meinommen dy't er sa lekker fynt. Mei de krûden dy't er sels ek altyd brûkt.

'Lys! Wolsto de tafel klearmeitsje? Dan bring ik it iten nei heit.' Se skept it moai op 'e panne. Sjoerd goait alles altyd trochelkoar mei in kwak mayonêze deroer. Sy hat de ierappels netsjes neist de beantsjes lein, mei de karbonade der in bytsje skeef oerhinne. En se docht der appelsmots by.

Lys slofket hinne en wer mei de pannen en it bestek. Elske rint mei de panne nei de keamer fan Sjoerd. 'Hoe fielt dy no?' Se set de panne op it nachtkastke en docht de donkerreade floersgerdinen iepen. De sinne skynt troch de fitraazjes nei binnen. Elske docht it rût ek noch in eintsje iepen. It rûkt altyd nei swit yn dizze keamer. Se snúft de frisse bûtenlucht op.

Sjoerd tilt de fuotten in eintsje omheech en draait de rêch in pear kear hinne en wer.

'Neffens my giet it al wat better. Ik ha net mear safolle pine.'

'Moai.' Se skoddet it kessen op. As er dan einlings goed sit, set se it iten by him op 'e skoat.

'Wêr is de mayonêze?' As in lyts bern dat syn sin net krijt, pript er wat mei de foarke yn it iten om.

'It liket my net goed om oeral in kwak mayo by te dwaan,' seit se. 'Ik ha der appelsmots by dien. Lekker ite en aanst bring ik dy noch wat nei.'

Se lûkt de doar ticht en rint wer nei de keuken. Lys sit al te iten.

'Koest net efkes op my wachtsje?' freget se teloarsteld.

'Ik sei dochs dat ik honger hie? En mem hie sok lang wurk.' Lys knaut de bonke fan de karbonade keal. 'Ha we ek lekkere fla?'

'Stracciatella,' seit Elske mei de mûle fol en wiist nei de koelkast.

'Njammy!' Lys faget de hannen ôf oan 'e broek en hellet it amerke yochert út 'e koelkast.

'Net tefolle, hin? Wol wat foar heit oerlitte.'

'Nee mem, ja mem.' Lys skept it skaaltsje oan de râne ta fol. Al steande by it oanrjocht yt se it op.

As it skaaltsje leech is, goait se it yn 'e goatstien mei de leppel der efteroan.

'Lekker moeder. Mei ik no nei Sara?'

'Hoe komt it mei de ôfwask?' freget Elske. 'Neffens my bisto oan 'e beurt.'

'Ja, hallo! Dat ha ik echt net oan tiid, hear!' ropt Lys. 'Wêrom ha wy gjin ôfwaskmasine? Eltsenien hat in ôfwaskmasine. Sara hoecht nea ôf te waskjen. En ik moat altyd alles dwaan! De karre foar de optocht is noch net klear, ik soe dêr om sân oere wêze!'

Elske suchtet djip. No kin se wol op har strepen stean bliuwe, mar dêr wurdt it net better fan. Se wapperet mei de hân nei de doar.

'De keutel!' ropt Lys blier.

Elske rûmet de tafel op. Dêrnei docht se wat stracciatella-yochert yn in skaaltsje foar Sjoerd. As se by it bêd stiet, sjocht se dat er hast neat hân hat. Allinnich de karbonade is foar de helte opiten. Fierder leit alles noch kreas op 'e panne. Alle dagen yt er de panne skjin leech, mar no fertikt er it omdat er der gjin mayonêze by krigen hat. Hy slikket him om 'e mûle as er sjocht wat der yn it skaaltsje sit. 'Dit liket der teminsten op. Dit is sa lekker, hin. Kinst it ammerke net foar my helje?'

'Witst wol hoefolle kaloryen dêryn sitte?' freget Elske boas.

'Ach minske! Do ek altyd mei dyn kaloryen.'

Se set it skaaltsje op it nachtkastke en rêstich rint se nei de keuken.

Se komt werom mei it ammerke yochert. Hy laket as er it sjocht en stekt de hannen út om it oan te pakken.

'Witst it seker?' freget se driigjend.

'Ja, lekker!' seit Sjoerd entûsjast.

Dan kipert se alles wat der noch yn sit oer de kop. De wite yochert mei donkerbrune stikjes sûkelade glidet him oer de holle. Sjoerd flokt, wriuwet him yn 'e eagen en flokt noch lûder. 'Wat flikst my no!'

Se hellet mei de finger in bytsje yochert by him fan 't wang. Se slikket de finger ôf.

'Mmm, wat hearlik! Genietsje der mar fan. Ik sil de blommen wetter jaan.'

'Elske, kom hjir!' raast Sjoerd. 'Helje dy rommel fan myn gesicht! Stomme trut!'

De wurden fleane troch it iepensteande rût nei bûten en fladderje om har hinne as in kloft kwetterjende mosken. 'Stomme trut, stomme trut!' Se wit dat se dat net is, mar se fielt har wol sa. Omdat se altyd wer foar him klearstiet en alles sa stadichoan allinnich dwaan moat. En as se dit geskel ek noch gewurde lit, dan is se noch stommer! Grimmitich draait se de kraan iepen. Se set de grutte griene jitter derûnder. As er fol is, dan rint se nei de keamer fan Sjoerd.

'Bist no hielendal gek wurden! Yochert oer my hinne goaie, wa betinkt soks no!

En dat yn myn steat! Meitsje my skjûn, no drekt!' Troch de wite smots mei brune stipkes liket er wol in dikke dalmasiër. Se kin it laitsjen net ynhâlde.

Hy goait it skaaltsje nei har ta. 'Stiest my hjir ek noch út te gnizen? Mislik stik fretten datst bist!'

It skaaltsje spat tsjin 'e muorre oan yn diggels en de yochert sit oan it plafond ta.

'Alles, mar dan ek alles doch ik foar dy, al trije jier. En dan hast ek noch de moed om my sa út te skellen?!' Se rint nei him ta mei de jitter in ein omheech.

'Net dwaan!' ropt er. Hy stekt in hân út om de jitter te pakken mar se hâldt him sa heech dat er der krekt net by kin. It kâlde wetter kletteret alle kanten út. Hy sykhellet djip en krijt oeral pikefel.

'No bist wer moai skjûn,' seit se sarkastysk.

Hy besiket de jitter fan har ôf te pakken. Mar hy hat hielendal gjin krêft. 'Bist in gemien loeder!' raast er.

It brûst har yn 't liif. Alle spanningen, frustraasjes en teloarstellingen komme efter de fasade fan fatsoen en ferstannigens wei. 'Dan wurdt it tiid dat ik my ek sa gedraach, fynst ek net?'

Se slacht him fûleindich mei de jitter op 'e bealch. Se springt en kreunt as in tennisser dy't yn 'e finale stiet.

Sjoerd ferwart him mei de earms om de klappen te ûntwiken. De jitter makket in dôf lûd alle kearen as er him rekket. De konstante, ritmyske klappen wurde krêftiger. Hy besiket op 'e side te draaien. Mar de jitter bliuwt him efterfolgjen. Dochs kin er dan de tute pakke. Hy lûkt út alle macht, mar sy is sterker. Se lûkt him oer it bêd nei de râne. Hy ploft op 'e grûn del.

Elske stiet te hymjen en lit de jitter op 'e grûn falle. Se giet op 'e knibbels lizzen